



Nijsbrief fan de Feriening Bêd & Brochje

septimber 2023

Ledegearkomste middeis 5 oktober op 'e Jouwer

As it goed is, hawwe jo de datum fan de Jiergearkomste al fêstlein. We begjinne om 13.30 yn Museum Joure, yn De Jouwer. De gearkomste is sawat 15.30 ôfrûn, dêrnei krije de leafhawwers in rûnlieding yn it museum. De útnûging mei de wurklist en stikken komme noch.

It wurdt in wichtige gearkomste. De leden sille as heechste orgaan fan de feriening beslute oer ús takomst. Want: hoe geane we fierder? Dêroer ha we sitten te bespegeljen.


Hoe't wij fierder kinne hinget benammen fan de fraach ôf oft har nije bestjoersleden oppenearje. At dat bart, dan kin it nije bestjoer mei de leden kieze tusken 'pas op de plaats', gearwurking sykje, selsstannich besykje te groeien of ôfbouwe.

Sanet, dan bliuwt der sa'n lyts bestjoer oer dat der neat oars mooglik is as ús Side yn de loft hâlde.

Widgets op ús Webside

Om it oanbod oan de besikers fan ús Side te optimalisearjen, hawwe wy ús oriïntearre op de leuke ekstra's yn Fryslân en dus ek yn jo regio. It is it moaiste as besikers fuortendaliks trochklikke kinne nei wat der ' yn de buurt ' bestiet oan bygelyks aardige rûtes en útstapkes. Dat ha wy mooglik makke troch saneamde widgets op ús Side te pleatsen, sjoch <https://bedenbrochje.nl/fryslan/> Hjir fine je no ek kuier-, fyts- en faarrûtes fan hiel Fryslân. Maklik foar de toerist en mooglik ek foar josels. Jo kinne jo gasten nei ús Side ferwize.

Facebook

Wy hawwe der earder op wiisd en hoopje op nóch mear reaksjes: reagearje s.v.p. op Facebook! Op ús webside kinne jo maklik op Facebook komme: Klik rjochtsûnder op de  en besjoch ris wat der op stiet. Us lid Wendy Dijkstra hâldt Facebook by. Sy brûkt de gegevens fan ús eigen webside foar ynfo oer jo B & B, mar wolle jo mear op Facebook pleatse, stjoer dat dan nei Wendy, sadat sy it tafoegje kin: Wendy1971@live.nl

De fraach oan elkenien is dat jo gauris as ' besiker ' fan Facebook in tomke oanklikke (dat is ' liken ') en sa berjochten fan jo eigen Side én fan kollega's út de feriening diele. Alle ' reklame ' soarget foar mear ferkear op Facebook, dus mear omtinken en mear kâns op boekingen, ek foar jo B & B, mar benammen ek foar nije leden. It tal folgers groeit stadich, der steane yntusken 66 op de teller.

Duorsumens

De oanwêzigen op it Jubileumfeest fan 1 april krigen de wichtige tema's al útrikt troch dosinten Lydia Annema (tûk fotogebrûk op de Side) en Esther Oosterhof (duorsumens). Omdat dit nijsgjirrige kost is foar elkenien stjoerden wy de tips oer duorsumens yn hapkleare brokken oan alle leden. Op 11 maaie, 15 juny, 4 july en 16 augustus krigen jo ús tips oer respektivelik: sunich mei wetter, it brochje, skjinmeitsje en enerzjy besparje. It is de bedoeling dat ús leden dizze tips brûke as ynspiraasje om duorsumens yn harren eigen B & B ta te passen. Wy wolle ommers in duorsum Fryslân promoatsje!

Sichtberens

Elk B & B wol sjoen en fûn wurde. Fansels krije jo ek gasten fia 'mond-op-mond' reklame en hawwe jo 'recidivisten' dy 't graach weromkomme. Mar nije klanten, hoe fine dy jo?

Yn it foarste plak op ús eigen Side, www.bedenbrochje.nl. Guon fan jimme hawwe in eigen webside en wer oaren brûke mear platfoarms. Fierder is Merk Fryslân ree ús hiele feriening op harren Side 'Visit Friesland' te setten <https://www.friesland.nl/nl/merkfryslan>, mei as betingst dat alle foto's foldwaande útnûgjend binne. Dat is net by al ús B & B's it gefal, fine sy. Wy oerweagje dêrom in aksje fan needsaaklike en/of troch jo winske ferbetteringen fan de foto's op ús Side en op Facebook. Wy komme derop werom op ús Ledegearkomste. Mar dat hoege jo net ôf te wachtsjen, jo kinne jo apart nammentlik wol, no daliks al, sûnder kosten oanmelde foar in fermelding op Visit Friesland. Meitsje dêrfan gebrûk! <https://www.friesland.nl/nl/merkfryslan/voor-ondernemers>.

Graach oant 5 oktober op de Ledegearkomste.

Mei hertlike groetnis fan jimme bestjoer,
Baukje Miedema, Alie Rusch, Dieuwke Visser
en Melle & Lutske Wijma